

BYLANS DE TREKFLART
BYDRAGEN OER MINSKEN EN DINGEN
FAN TSJERKWERT EN OMKRITTEN

It grifformearde tsjerkje fan Tsjerkwert in trijelûk oer skiednis, restauraasje en bestimming

TROCH GERBEN WIJNJA



In bylage fan 't Skieppesturtsje
22-e jrg. nûmer 3, septimber '98

COLOFON

**It grifformearde tsjerkje
fan Tsjerkwert
in trijelûk oer
skiednis,
restaursasje
en bestimming**

Dit ferhaal yn de rige
Bylâns de Trekfeart
is as bylage ferskynd
yn 't Skieppesturtsje,
de doarpskrante fan
Tsjerkwert en omkriten.

22^e jiergong nûmer 3
septimber 1998

Skriuwer:
Gerben D. Wijnja

**Foto en histoaryske
ynformaasje**
út de samling fan Gerrit
Mulder

Opmaak:
Gerben D. Wijnja

Printwurk:
Henk van der Zee
CBS De Reinbôge
Tsjerkwert

I Skiednis

Earste gearkomsten yn in skuorre

Neffens it "Handboek der Gereformeerde Kerken" is it tsjerkje op 10 oktober 1891 ynstallearre, mar it notulenboek begjint pas yn 1892 en jout as earste byienkomst in gearkomst op 1 april 1892 *"ten huize van ds. O. de Roos te Oudega"*. De âlderlingen S.S. de Vries en diaken H. de Witte fan Tsjerkwert wiene dêr oanwêzich. Hjir waard ek besletten *"het synodale juk"* ôf te smiten en waard *"weer geldigheid verleend aan de kerkenordering van 1618-1619"*. Yn in brief fan it regear út april 1892 wurdt sprutsen fan *"de zich noemende nederduits gereformeerde kerk of gemeente van Tjerkwerd"*

Neffens oerlevering waard de tsjerklike grinsskieding tusken de Grifformearde tsjerken fan Tsjerkwert en Warkum troch in pear classis-dûmny's *"al wandelende en tredentellende uitgemeten."*

It ploechje wie tige lyts. Earst kaam men gear yn in skuorre op Rytsebuorren. Op 29 maaie 1892 waarden yn dy skuorre njoggen bern doopt. De âldste wie doe al 13 jier. Hjirút docht bliken dat ferskate âlden harren bern yn de lêste jierren foar de doleânsje al net mear dope litte hienen. Ien fan de dopelingen fan fjouwer jier wist letter oan ds. Schelhaas te fertellen dat hja ûnder dy plechtichheid benaud wie foar it fee, dat yn it bûthûs neist de romte dêr't doopt waard, sa'n leven makke. Sjoen de tiid fan it jier wie it trouwens ek wol tiid om it fee nei bûten te bringen. Letter waarden de tsjinsten yn in keamer holden dy't oant 1895 ta hierd waard. Dêrnei koe men fan de gemeente Wonseradeel in kampke lân nêst dit hûs keapje om dêrop in tsjerkje te bouwen.

Boufergunning

Op 29 septimber 1892 hie de tsjerkerie al in fersyk by de gemeente yntsjinne om fergunning ta it stichten fan in tsjerkegebou *"op het perceel behorende aan de wed. J. Kingma en gelegen tuschen de brug te Tjerkwerd en de buurt Tjerkwerderzijl"*. As antwurd krige men fan B&W te hearen: *"Overwegende dat bij van wege hun college ingesteld onderzoek gebleken is, dat de plaats waar men het kerkgebouw wenscht opgerichten 175 meter is verwijderd van het te Tjerkwerd bestaande kerkgebouw der hervormde gemeente doch dat er hoegenaamd geen vrees behoeft te bestaan, hetzij voor hinder bij het uitoefenen van den eredienst in dat gebouw, hetzij voor opeenhooping van menschen bij den aanvang of het einde der godsdienst oefeningen."* Ek by de tsjerkerie fan de herfoarme gemeente wiene gjin betinkingen tsjin it oprjochtsjen, sadat op 22 oktober 1892 de fergunning ferliend waard. By de dyk lâns en oan de noardeastside moast it terrein goed

ôffrede wurde en in sinkput mei rioal moast oanlein wurde. It kampke lân koste f 150,--.

Om oer genôch jild te beskikken waarden 40 obligaasjes útjûn, elk mei in wearde fan f 25,--. Sa koe der in lyts tsjerkje boud wurde dat plak joech oan 60 minsken: njoggen stuollen en twa rigen fan fiif of seis banken, mannen en froulju elk oan in kant. In lytse konsistoarjekeamer en in kosterwent kamen ûnder itselde dak.

In eigen dûmny siet der earst noch net yn, want dat koe de brune net lûke. Ut de kasboeken docht bliken dat de earste jierren de ynkomsten en útjeften jierliks net boppe de F 100,- kamen. De classis soarge foar "*liefdesdiensten*" en it is benammen ds. Prins fan Boalsert dy't jierren de riedsman en helper west hat.

Koepeltuorke

Yn 1919 waard troch oannimmer A. en B. van der Zee fan Snits in koepeltuorke op it tsjerkje makke. Ek waard doe de gevel fernijd mei "*nieuwe bestte kleurige gevelklinkers*".

It duorre 65 jier ear't Griffformeard Tsjerkwert har eigen dûmny krige en wol yn gearwurking mei Eksmoarre en Allingawier.

De gemeenteleden kamen út Greonterp, Tsjerkwert en Parregea. In protte grutte húshâldings fûnen jierrenlang harren paad nei it tsjerkje oan de trekfeart. Yn it tuorke siet net it klokje dat syn brûnzend lûd oer doarp en lân klepte. De gemeenteleden setten der sa wol op ta en skoden oan yn de banken. Blydskip en rou waarden troch de jierren hinne belibbe: berte, doop, belidenis, trouwen en ferstjerren. It Krystfeest waard der fierd, âld en nij, Peaske en Himelfeart. Ek oarganisten hat de gemeente hân: wy kamen de nammen tsjin fan Wiebe en Auke de Witte, fan Attema en Jetske de Witte. Yn't lêst bespile Feikje, de pakesizzer fan Gurbe Brandsma, op 'e kreake it oargeltsje. Earst waard der spile op in traapoargel, letter op in elektroanysk oargel, mei ynmoed en fokaal stipe troch de tsjerkegongers. Underwilens kamen der buien oerdriuwen mei reinwetter, hagel, snie en hurde wyn of stoarm. It ienfâldige Godshûs mei syn nijsgjirrich tuorke hat dy eleminten allegear trochstien.

De dûmny's

De earste eigen dûmny wie ds. **Jan Schelhaas**. Hij kaam fan Broek op Langedijk dêr't er op 16 septimber 1925 berne wie as boargemasterssoan. Hy studearre oan de Vrije Universiteit yn Amsterdam en die yn oktober 1956 syn kandidaatseksamen. Op 15 maart 1957 troude er mei Maria Crielaard en op 14 april 1957 setten hja har ta wenjen yn de pastory fan Eksmoarre.. Ds. Schelhaas reisge alles ôf mei syn brommerke. De minsken mochten graach oer him. Hy fergeat bygelyks gjin jierdei fan in gemeentelid! Lang is er lykwols net bleaun,

want op 28 augustus 1960 sette er nei Ljouwert-Huzum dêr't de bekende Hendrik Algra ien fan syn gemeenteleden wie.

Sa'n twa jier siet de gemeente wer sûnder eigen hoeder. **Ds. Arie van Zuylen**, berne op 4 july 1936 yn it Zeeuwse Wissenkerke, waard hjir op 23 septimber 1962 befestige yn syn earste gemeente. Mei it earste yn de kunde kommen wie him ferteld dat as er it berop oannaam, dat dan de flage op it tuorke útstutsen wurde soe. En dat barde ek! Dizze dûmnyssoan hie studearre oan de Theologische Hogeschool yn Kampen dêr't er begjin maart 1962 syn kandidaats ôflei. By syn komst nei Eksmoarre wie him in auto tasein as ferfiermiddel. As sjauffeur woe it lykwols net mei dizze dûmny. Sa bleau it brommerke it ferfiermiddel en waard der hiel wat ôfbromd. Van Zuylen waard as dûmny tige wurdearre. Op 17 july 1964 troude er mei Neeltje Johanna Dekkers. Op 16 april 1967 sette er mei frou en twa dochters ôf nei Bennebroek. De tsjerke hie doe sa'n tachtich leden yn Tsjerkwert en omlizzende doarpen. Yn dit jier 1967 betocht de gemeente ek har 75 jierlich bestean. Ds. Van Zuylen preke neffens de tekst út Joh. 17 vs. 20-21 "*Opdat zij allen één zijn in Christus*". Nei ôfrin waard in resepsje holden yn "de Harmonie"; de skienis fan de tsjerke waard hjir ta libben brocht yn de foarm fan in revu. Neist tankberens wie der lykwols ek fertriet, want jierrenlang die de gemeente it hjirnei wer sûnder in eigen dûmny.

Tiden letter, op 22 oktober 1978 kaam de befestiging fan **ds. Pieter Jan van Helden** as predikant fan Exmoarre, Allingawier, Gaast, Ferwâlde en Tsjerkwert c.a. Pieter Jan van Helden wie berne op 7 maart 1952 yn it Gelderske Epe. Krekt as ds. Schelhaas hie hy studearre oan de Vrije Universiteit fan Amsterdam. Doktoraal eksamen hie er dien op 28 augustus 1978. Dêrfoar, op 2 maaie 1975, wie er al trouw mei Catherina Sikking yn Naarden. It wie no in grutte gemeente, dat de earste tsjinst fûn plak yn de Herfoarme Tsjerke yn ferbân mei de te ferwachtsjen grutte belangstelling. Yn 1984 sette de famylje Van Helden nei Ridderkerk (Slikkerveen) ta.

De koster op in rychje

1895: de earste koster wie Jorrit Jorritsma mei syn frou Akke Buma. Hy waard yn 1922 opfolge troch Feike Jorritsma en Jeltje Kers. Dêrnei kamen Douwe Jorritsma mei Corry v.d. Veen, Geert Fabrick mei Rike Brandsma en ta beslút ha Marten en Hinke Brandsma de tsjerke beoardere.

Lêste tsjinst en likwidaasje

Troch ferhuzings sakke it tal gemeenteleden foars. Der wiene noch mar sa'n 60 leden ferspraat oer sa'n seis doarpen. Ek kamen der net nije leden by. Dat betsjutte dat de kosten net mear opbrocht wurde koenen om selsstannich noch earetsjinsten te hâlden. Ien en oar makke it ûnmooglik mei te dwaan yn it "Samen –op-weg-proces", om't ek kontakt socht wurde moast mei N.H. gemeenten. Foar Tsjerkwert-Dedzjum hat dit noch wol oan de oarder west, mar dochs die bliken dat it gjin helbere kaart mear wie. Yn 1987 waard dêrom troch de tsjerkerie it beslút nommen it tsjerkje te sluten. De measte húshâldings gongen oer nei de grifformearde tsjerken fan Boalsert, Aldegea en Warkum. Mar earst kaam dan noch in "sluitingsdienst". Dizze lêste tsjerketsjinst oan de Waltawei 39 wie op snein 5 july 1987 om 14.00 oere. Foargonger wie doe (sûnder burd) ds. Van Helden. It thema foar de tsjinst wie: "*Wer't God in doar tichtslacht dêr docht er in finster iepen*". Yn dizze tsjinst wie ek oanwêzich frou J. Jorritsma dy't 50 jier lang mei har man koster west hie.

Nei de tsjinst waard yn it Waltahûs noch eefkes noflik neipraat. De gemeente siet fansels noch mei tal fan besittings dy't ferkocht of skonken waarden.

Alderearst wie dat fansels it tsjerkegebou mei kosterwent en garaazje. De fraachpriis wie f 60.000,-, mar Joop Nota waard mei syn bod fan f 52.000,-- de nije eigner. It elektroanysk oargel gong foar f 250,- nei H. Jansen. De rest waard skonken: tsjerkebanken, stuollen, tafels en lieteboeken gongen nei ferskate minsken. It houten doopfont krige frou Attema; fjouwer âlde tsjerkebibels wiene foar de âld-gemeenteleden G. Brandsma, H.P. Brouwer, W. Brouwer en J. Velema. De kollekteponkjes kamen terjochte by M. Brandsma en J. Velema; de foarsittershammer wie foar W. Brouwer; stúdzjeboeken ferhuzen nei ds. K.W. de Jong yn Aldegea (W) en nei de Grifformearde tsjerke yn Boalsert; it Nachtmistelstel besteande út in skinkkanne, twa bekers en twa skalen wiene ek foar de Grifformearde tsjerke yn Boalsert foar gebrûk yn Huykenstein. It tegood fan it sparbankboekje (in bedrach fan f 279,--) wie foar de basisskoalle yn Tsjerkwert. It argyf waard ûnderbrocht by de Grifformearde tsjerke yn Boalsert. Wat der oan jild oerbleau waard earlik ferparte ûnder de Griffiormearde Tsjerke fan Aldegea (W), de Herfoarme Tsjerke van Tsjerkwert, de Generale Kas fan de Grifformearde Tsjerken yn Nederlân en de Sending fan dy Grifformearde Tsjerken. Yn de likwidaasjekommisje sieten W. Brouwer, J. Velema-Hemrica en Y. Terpstra.

II Restaaraasje

Yn tsien jier fiif fasen trochwrotten

Doe't Joop en Akke yn 1987 eigner wurden wiene fan it Grifformearde tsjerkje oan de Waltawei stie harren noch net rjocht foar eagen hoefolle oeren, dagen, moannen en jierren der mei hinne gean soene ear't harren dream werklikheid wêze soe. Se wennen goed oan de Waltawei 53 en wiene doe ek net fan plan om te ferhúzjen nei de kosterwent achter it tsjerkje. Nee, dy went koe wol ferhierd wurde en it tsjerkje koe wol tsjinst dwaan as wurkplak en foar opslach wie it ek wol maklik. Joop wie timmerman en syn masines koene dêr moai stean. Dochs kaam it oars. Joop en Akke hienen úteinlik it beslút nommen om dochs mar te ferfarren. Sakeman Sake Groenewold kaam op harren paad en dy hie wol belang by it hûs op nûmer 53 dat te keap stie. De keap waard sletten. It wie maaie 1988 dat se oergongen. Eins earder as de bedoeling wie, om't Groenewold syn hûs al kwyd koe. Joop en Akke diene dêr net dreech oer.

Wenje op de kreaake

Fase ien wie oanbrutsen; hja setten har nei wenjen op de kreaake fan it tsjerkje, it plak dêr't it jongfolk har sa graach deljoech besiden it oargeltsje. Dat soks net altiten like deugdsom tagong dat lit him maklik riede. De kreaake is der sels wol om ôfsletten mei in buordsje mei dêrop de wurden "verboden toegang". Guon tsjerkegongers wie dat dochs wol te mâl!

Werom nei Joop en Akke: *"Wy skikten ús, mar wy binne alletrije wolris by de lytse trekes delkneppelen"*, wit Akke te fertellen. *"Wy holden der in dikke knibbel en in seare side oan oer. Jan wie wat soepeler, dy mankearde neat nei syn gestroffel."*

Troch dizze oanpassings wie wol de needsaak berne om earst it wenhûs oan te pakken. Der waard in keuken byboud en der kaam ek in garaazje. Net sa sear foar in auto, want dêr koene se wol sûnder. Nee, it doel wie om hjiryn it masinepark in plak te jaan. Profesjoneel timmerark waard oanskafte om dêrmei de restaaraasje te liif te gean. En dat wie Joop wol tabetroud. As folleard timmerman gong Joop him wijen oan in monumintaal projekt; it partikulier opknappen fan in tsjerke. Op in pear hûndert gûne nei waard alles sels finansjeel opbrocht: de gemeente hie in pear sinten oer foar it ynoarder bringen fan de foargevel, de iennichste subsydzje dy't er krigen hat foar dit yndrukwekkende kerwei.

Skatgrave

Nei it opknappen fan de foargevel (mei in kreaze snijfoech, oanbrocht troch Sjoerd Nota en syn maat Klaas Abma) kamen de konsistoarje en de kelder oan bar. It wie in hite simmer: "We dreven fan't swit", neffens Joop dy't tegearre mei Jacob Hofstra 35 m³ grûn útgroeven hat. It lei ek foar de hân om te freegjen nei ûnferwachte skatten dy't ûnder de plankenflier tefoarskine komme koenen. It skynt dat de Griiformearden goed op'e sinten pasten want it 'skatgraven' levere mar ien âlde sint fanút de oarloch op. En dan wie der noch dy moaie âlde hoekgoatstien foar ûnder de pomp. Yn fiif stikken kaam er foar't ljocht en de stikken pasten as in puzzel. Buorman Bernard Algera wist der wol rie mei en hat de brokstikken bewurke ta in monumintaal stikje strjittemeubilêr by him achter hûs.

De tún waard alhiel opnij ynrjochte nei in ûntwerp fan Yme Feenstra en op it tuorke waard it bliken hoantsje ferfongen troch ien dy't makke waard troch Sybren Poelstra fan Dedzjum. In letter oanbrocht laachje blêdgoud joech it tenei in weardige glâns.

De fiifde en lêste fase bestie út it wer oanbringen fan it tsjerke-ynterieur. Dêrmei binne wy kommen by it tredde lûk fan ús ferhaal oer in bysûnder gebou bylâns de trekfeart. Tagelyk giet it ek oer bysûndere minsken dy't it oandoard hawwe om dit Godshûs in weardich twadde libben te jaan.

III Bestimming

“De Hand Des Vlijtige Maakt Rijk”

“As je der niks an doen dan blyft it in hok. Dan gaat it fan je af.” Joop makket dúdlik dat hy sa warber west hat foar it behâld fan in gebou dat him destiids gund is. Mei it fertimmerjen fan de tsjerke ûntstie stadichoan wer de âlde gloarje fan alearen. Dan wol men der ek gjin opslach fan hout en sa mear ha fansels. In romte foar hobbyisten lei dan ek mear yn ‘e bedoeling fan Joop en Akke. In galery is it perfoarst net wurden, mar Akke omskriuwt it wol as *“in út de hân rûne sitewaasje”*.

Har kreatyf krewearjen mei materiaal fan bûten koe nei tsien jier einlings folslein ta syn rjocht komme. *“Ik ha no de romte om wat te meitsjen en om it in kreas plak te jaan.”* Op de balke fan de kreake stiet it sa moai oanjûn: *“De Hand Des Vlijtige Maakt Rijk”*. Harold Heringa, dy’t syn buorman Joop sa treflik bystie mei ferfwurk, betocht dizze tekst. No ja betocht, in hiele jûn hat er der foar yn ‘e bibel omsneupt en doe fûn er dit yn Spreuken 10 fers 4. Moaier opskrift is der suver net te betinken foar dizze prachtige romte dy’t as nifel-en eksposysjelokaal in weardich twadde libben yngien is. It fertolkt ek krekt wat Joop-en Akke mei de renaissance fan it tsjerkje foar eagen stie.

Rykdom

Noch foardat alles yn kalk en semint wie, brûkte Akke de romte al foar har hobby. It gear wêzen meiinoar sjocht Akke dochs benammen as in sosjaal barren. Sy genietet as se sjocht dat oaren der wille fan ha. It ôffal en dea materiaal út bosken saas dinappels, skors, tûken en mos binne foar har in grutte rykdom. Fytstassen fol hat se al nei ‘t tsjerkje brocht en prachtige wurkstikken ha it oplevere. *“Myn fyts is myn frachtwein”* liet se laitsjend witte.

Op it wurk ha kollega’s der de gek wolris mei as se sizze: *“Akke hat it net oan tiid om op fakânsje te gean, want dat hat se om ‘e hobby’s net oan tiid.”* Akke fynt dat der mear is yn it libben as allinne mar wurkjen. *“In hobby is tige wichtich. It is ek in rykdom om dat mei in oar te dielen. Jo komme ta in produkt dat jo oanstiet. Jo wolle dochs ek in einrisseltaat sjen en der mei oaren oer prate. Dat stimulearret, mar it entûsjasme by in oar is ek in befrediging foar josels.”* Akke nimt dit *“elkoar opjutte”*.

It is ek in kwestje fan jins eagen goed de kost jaan by kollega-nifelders. Fierders binne der genôch boekjes op ‘e merk, wylst it tydskrift “Seasons” har alle moannen skitterende reportaazjes bringt oer ynspirearjende bûtenminskens en nijs op it gebiet fan keukens, meubels, antyk en tunen en dat alles sa prachtich fotografearre dat it in lust foar it each is.

Risping

Nei in perioade fan tsien jier wrotten en wramen, fan oanpassen en kreatyf tinkwurk, fan fakmanskip en trochsettingsfermogen, is no dan de tiid oanbrutsen fan de rsiping. Akke ferwiist nei it Bibelferhaal dêr't de sân rike jierren opfolge waarden troch sân earne jierren. *"Ik soe dit omwikselje wolle en hoop dat wy nei dizze tsien drege jierren no tsien goede jierren krije."* Tige bliid binne Joop en Akke yn elk gefal mei de geweldige help dy't se yn dy tsien jier krigen fan buorman Harold Heringa en fan de eardere buorjone Jacob Hofstra!

De wurkstikken dy't Akke úteinlik ferwêzenlike hat binne de risping fan it skoften brieden op it finen fan mooglikheden. Joop soarget ek wolris foar wat technyske handichheidsjes om it klear te krijen. Boppedat stribbet Akke hieltyd nei ferbettering fan har wurkstikken.

Dy steane no yn 'e tún te pronk mar ek yn 'e hûs en foar en yn tsjerke. It binne betonblêden, heabisten, takkebisten, mosfigueren en -dekoraasjes, gersfoarmen, huodden fan pikegaas, opfuld mei mos of hea en leadfigueren. Om in moaijer risseltaat te krijen kombinearret se dit. It wurdt dan mear ôf, it libbet mear en liket boartliker.

Kerkvlijt

Om fierder te kinnen sammelt se gerssoarten dy't op 'e kreake hingje te droegjen oan de kapstokjes dy't foarhinne de hoeden en petten fan de tsjerkegongers tsjinnen. Ek oaren tinke om har. Hoe faak hat se al tûken of oar hout krigen. En doe't Ule Haarsma de tún foar hûs oanpakte drige it grut hoeftlêd net mear beskiber te wêzen foar Akke har betonblêden. De sierlike plant is mei soarch oerbrocht nei de berm fan de Himdyk. Sa hâldt Akke materiaal en Hiltsje liket sels ek al oanstutsen mei it takkefirus want yn de nije tún pronkje har selsmakke figueren. Sa sjocht Akke it graach: elkoar opjutte, elkoar stimulearje, elkoar geastlik ferrykje. "Kerkvlijt" yn optima forma: de ideeën dy't opdien binne oan de wurkbank yn it eardere tsjerkje; ûnder de tekst fan Spreuken 10 dy't sa sierlik oanbrocht is oan de kreake.

Dy kreake hat trouwens in oar plak krigen as eartiids. De strjittekant is no frij en de matglêzen binne ferfongen troch helder glês sadat it yn- en útsicht in grutte ferbettering ûndergien hat.

Romantyk

Doe't alles krekt klear wie kaam Akke mei it plan om dit te fieren troch út iten te gean. *"It reint pipestâlen, mar dat hindert neat"*, liet Akke Joop witte. *"Wy hoege*

it hûs der net foar út.” Dochs gongen Joop en Akke út iten sûnder dat de fyts út de konsistoarje (it feredele fytshek) kaam. Tegearre ha se it folbringen fan de restauraasje fierd op’e kreake. Akke hie wat lekkers klearmakke, Joop ûntkoarke in flesse wyn, sette in musykje op en stuts in kearske oan. Wa hie ea tinke kinnen dat it tsjerkje plak jaan soe oan sa’n romantysk gear wêzen! It reinwetter sloech tsjin de ruten en oan’e oare kant fan de trekfeart swaaiden de wjukken fan Johannes Dijkstra syn moderne wynmole fûleinich om wakker elektrysk te produsearjen. Alde stuollen út de Griffomearde tsjerke fan Skettens diene as sitplak tsjinst en oan de muorre hong wer it âlde ponkje dat Hinke Brandsma okkerdeis werombringen kaam.

“Wy ha de kreake ek omboud om meidetiid lekker smûk by’t kacheltsje nei de feart sjen te kinnen as der wer in Alvestêdetocht holden wurdt”, bringt Akke wat gekskearend nei foaren. Mei dat doel is yn de kreakefluer ek in feeroaster makke, krekt boppe de kachel. Joop priizget Akke mei har idee. De kreake mei de opgeande trep hold in protte ljocht tsjin. It byhearende portaaltsje wie fansels bedoeld om sigen foar te kommen. Doe wol praktysk besjoen, mar it oerbringen fan de kreake nei de oare kant is no yn alle opsichten in ferbettering en jout de tsjerke syn glâns folslein werom.

Monumintaal tsjerkje as treflik mienskipshûs

Mei it doarpsfeest stiene de beide tsjerkedoarren iepen foar belangstellenden. In offisjele iepening?, sa fregen wy ús ôf. Akke: *“Nee, ’t is mear om Tsjerkwert sjen te litten wat wy der fan broud ha.”* Ek hjirnei sille de doarren iepen stean foar elkenien dy’t in oprjochte belangstelling toant. It tepronksetten fan kreatyf wurk of privésamlingen, saas no it histoarysk ark fan Bernard Algera, wurdt ek net útsletten. Akke is dwaande mei it oanlizzen fan in samling (houten) moalskeppen dat wa wit. Boppedat brûkt soan Jan de romte om der elektrysk gitaar te spyljen.

Akke en Joop miene dat it no suver ek wat in mienskipshûs wurden is. De gemeenteleden fan de Griffomearde Tsjerke en de ynwenners fan Tsjerkwert kinne tefreden wêze oer de bestimming dy’t úteinlik oan it eardere Godshûs jûn is. Joop en Akke ha mei in oprjocht gefoel foar tradysje in passend antwurd jûn op de fraach dy’t tsien jier lyn al spile doe’t se eigner waarden fan in monumintaal gebou dat smeeke om in bestimming dy’t it tsjerklike ferline net ûnrjocht oandwaan soe.

It *“Sic Transit Gloria Mundi”* is troch tadwaan fan partikulier inisjatyf foar de Waltawei besparre bleaun. Oan dizze âlde dyk bylâns de trekfeart is de lêste jierren trouwens troch mannichien it nedige dien om de wenningen op te knappen.

Fan al dy kreaze ferbetterings spant it tsjerkje lykwols de kroan.